

Dy giet dizze kear oer it ûntstean fan de Nutsspaarbank/Bondsspaarbank/Fryslân Bank te Grou. Mei't de bank takommend jier opgean sil yn de Rabobank like it ús goed hjir omtinken oan te jaan. Wy hawwe Durk van der Mei ree fûn hjiroer in stik op papier te setten.

DE NUTSSPAARBANK TE GROU.

Yn'e maitiid fan 1914 kaam by it bestjoer fan it "Departement Grouw der Maatschappij tot Nut van't Algemeen" in brief op tafel fan it sikefûns "It Gild" te Grou mei de fraach of it "Nut" ree wêze woe om in spaarbank te Grou op te rjochtsjen. "It Gild" beskikte nammentlik oer in belangryk kassaldo, dat men graach rintejouwend belizze woe.

It fersyk fan "It Gild" krige in goed ûnthaal by it bestjoer fan it "Nut" en sa koe it dan ek barre dat, nei it nedige tarissend wurk troch it bestjoer fan it "Nutsdepartemint" te Grou, in ôfsûnderlike stifting yn it libben roppen waard, neamd "Nutsspaarbank, gevestigd te Grouw" en wol op 14 maaie 1914. Dêrta waard út it kapitaal fan it "Nut" in som ofsûndere fan hûndert gûne!

Yn'e statuten stie it doel fan de "Nutsspaarbank" sa omskreaun: "Haar doel is het sparen aan te kweken en te bevorderen door gelegenheid te geven gelden voor korter of langer termijn rente-gevend te beleggen en door andere wettige middelen, die aan dit doel bevorderlijk kunnen zijn".

De "Nutsspaarbank" wie foaral bedoeld foar "de kleine man".

Yn it earste spaarbankbestjoer waarden beneamd de hearen: O.Greebe, L.Lyklema, L.G.Lykles, A.Prins, en P.van Riesen. Njonken bestjoersgearkomsten fersoargen de bestjoersleden sels ek de sittings fan de spaarbank troch ynfolling fan de bekinde spaarbankboekjes, wylst op it ein fan't jier de rinten hanmjittich byskreaun waarden troch de leden fan it bestjoer.

Yn'e begjinjierren waarden de sittings yn ûnderskate lokaasjes te Grou holden, wêrûnder de "Bewaarskoalle" te Grou. Yn 1958 kaam it spaarbankgebou oan de Mr. P.J.Troelstrawei ta stân.

Om it sparjen benammen ek ûnder de jongerein te befoarderjen, waard yn 'e 20er jierren troch it bestjoer besluten om oan eltse "jonggeborene" te Grou in spaarbankboekje mei ien gûne út te jaan.

Yn 1937 waard it "schoolsparen" ynfierd, dat folle Grouster skoallebern oanset hat ta sparjen. Dêrnjonken naam yn lettere jierren "Wereldspaadag", elk jier yn oktober, in bysûnder plak yn.

Mei "Wereldspaadag" hat de spaarbank ek hiel wat doelen op it gebiet fan kultuer en sport, mar ek op oar terrein fan de Grouster mienskip stipe.

It motto fan de "Nutsspaarbank" wie lange tiid: "lis eltse dei in botsen wei".

Njonken de al by de oprjochting neamde bestjoersleden, hiene it yn lettere jierren ek sitting yn it “Spaarbank/ Fûnsbestjoer”: A.Folkertsma, A.Jelles, G.Oosterhout, D.de Vries, F.H.Pasma, S.S.Zwat, J.N.Mulder, N.Nammensma, mr. F.J.Bakker, J.Scheffer, M.Schilstra, P.G.Halbertsma, J.Nieuwenhuis, K.Terpstra, R.Bergsma, J.Deelstra, F.J.Hoekstra, W.Leenstra, E.IJselstein, B.H.Braam, H.Tichelaar, D. van der Mei, R.Leenstra en J.F.Hoekstra.

Yn 1969 waard de namme “Stichting Nutsspaarbank Grouw “wizige yn dy fan “Stichting Bondsspaarbank Grouw”. Wichtich wie de dielname fan it bestjoer oan it jierlikse spaarbank-kongres fan de “Nederlandse Spaarbank Bond”, dêr’t de spaarbank sûnt de oprjochting nau mei ferbûn wie.

Om in ferbettering fan de belangen de kliïntêle te bewurkstellingjen ûntstie op 1 jannewaris 1976 troch in gearwurkingsoerienkomst mei de Fryslân Bank in nije faze yn it bestean fan de spaarbank.

De namme fan de “Stichting Bondsspaarbank Grouw” feroare yn dy fan “Stichting Spaarbank Mid-Fryslân” en waard de bân mei de “spaarbankbond” beëindige.

Op 18 april 1980 iepene boargemaster Holtrop it nije kantoar fan de Fryslân Bank, dat it eardere spaarbankgebou oan de Mr.P.J.Troelstrawei ferfong. In nij ûnderkommen dus foar sawol de Fryslân Bank as de spaarbank te Grou. By gelegenheid fan it 75-jierrich bestean fan de spaarbank waard op Sint Piterdei 1989 de Grouster mienskip in kariljon yn de Sint Pitertoer oanbean.

Yngeande 1 jannewaris 1994 waard as gefolch fan de bepalingen yn de nije Wet Toezicht Kredietwezen de gearwurkingsoerienkomst omset yn in fúzje mei de Fryslân Bank.

De “Stichting Spaarbank Mid-Fryslân” waard “Stichting Fûns Mid-Fryslân”. Tenei koe “It Fûns” beskikke oer in jierliks dotaasjebedrach fan de Fryslân Bank om dêrmei bepaalde belangen fan de regio mid-Fryslân te behertigjen. Sûnt dy tiid binne gâns mienskipdoelen troch “It Fûns” stipe. Resintlik kin ûnder oaren neamd wurde de nije muzyktinte te Grou en de nije brêge oer it Nijdjip.

No’t it takom jier de Fryslân Bank opgiet yn de Rabobank, komt ek in ein oan de relaasje “Fryslân Bank/ Fûns Mid-Fryslân”. Wat dat oanbelanget is 2014 net allinne foar de Fryslân Bank in bysûnder jier, mar ek foar de “Stichting Fûns Mid-Fryslân”, dy’t syn oarsprong fynt yn de oprjochting fan de “Nutsspaarbank” te Grou, 100 jier tebek.

Sûnder oare bestjoersleden dêrmei tekoart te dwaan, hat yn it ramt fan de spaarbank te Grou benammen de hear Feike Hoekstra as kassier, skathâlder, direkteur en letter as bestjoersfoarsitter en bestjoerslid in wichtige rol spile. Mear as 55 jier hat hy yn neamde funksjes oan de spaarbank ferbûn west en hat as it ware de reade tried foarme

yn it bestean en de ûntwikkeling fan de “Nutsspaarbank” te Grou.

By eintsjebeslút kin noch oanjûn wurde dat de “Stichting Funs Mid-Fryslân” op basis fan in ôfkeapsom fan de Fryslân Bank as selstannige ynstânsje mei syn wurk op it mêd fan sponsoring fan bepaalde doelen yn’e pleatslike mienskip trochgiet.

Grou, septimber 2013.

D.van der Mei.